

LfT 451

1

Eigenrom is bûtendoarren,
Gods ferjouwing is myn lean.
Frije geunst mei ik wjerfarre,
no't ik rjocht foar God oer stean.
Fier foardat ús mem my berne,
ja, noch foar't Gods wurd mei macht
wrâlden oprôp út 'e nacht,
woe Hy my by namme kenne.
God is leafde, inglestim,
minsketonge, priizje Him!

2

Omdat God de wrâld sa leaf hie,
stjoerde Hy syn eigen Soan
yn it plak fan wa't ferlern gie
troch syn fouten alweroan.
Ja, doe't wy noch sûnders wienen,
stie de Heit al noed foar ús,
stoar syn Soan al oan it krús,
stoar foar ús, dy't skuldich stienen.
God is leafde, inglestim,
minsketonge, priizje Him!

3

Skitterjend is Gods ûntferming,
fol genede, ryk en frij.
God jout rêding en beskerming
oan ferlernen, ek oan my.
Hieltyd as der djip fan binnen
skuld en twivel oan my fret,
iep'net God foar my syn hert
en jit rêst oer al myn sinnen.
God is leafde, inglestim,
minsketonge, priizje Him!

tekst Jan Scharp – 'Alle roem is uitgesloten'

oersetting David de Jong

meldij Johann Schop – 'Sollt ich meinem Gott nicht singen', lettere ferzje